

# Oantinkens oan Rindert Straatsma en de AFUK

*Sytze T. Hiemstra*

As ik oan drs. Rindert Straatsma tink, en alles wat efter him leit no't er as direkteur ôfskied nimt fan de AFUK, dan folgje de bylden út it ferline harren yn in bûnt ferskaat op. Tefolle bylden om yn it koarte bestek fan dit stikje goed te beskriuwen. Dat is op himsels spitich, omdat mei Rindert in earsten stânfries in wichtich stik taalbeoarderingswurk, en dat is it wurk fan de AFUK fansels, farwol seit. Ik soe dêrfoar alle gearkomsteferslaggen, jierferslaggen en oare stikken fan al dy organisaasjes en ferbannen dêr't wy beide diel fan útmakke hawwe en dy't yn in rige klappers foar in part noch op myn boekekast lizze, nochris goed trochlêze kinne. Dêr is lykwols suver gjin begjinnensein oan. Boppedat haw ik yn de rin fan de jierren wolris wat fuortdien dat foar in mear systematyske beskriuwing fan Rindert syn fertsjinsten foar Fryslân no moai fan pas komme koe. It liket my dêrom mar it bêste om der wat yn om te noaskjen en fierders op myn ûnthâld te seil te gean.

## Bewegingsried

It earste byld dat ik - al wer in heal minskelibben lyn - fan Straatsma krige, wie dat fan foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging. Njonken him siet in stânfriezinne as skriuwster: dra. Tony Feitsma. Beide wiene bûtenwentsich aktyf foar de Fryske saak. Sa soe it my neat fernuverje dat it brief fan de Ried fan de Fryske Beweging fan 10 maaie 1968, dat in jier letter de oanlieding west hat dat in kommisje Fryske-Taalpolityk (de s.n. kommisje-Van Ommen) ynsteld waard, foar in grut part harren wurk west hat. En ek net dat dy beide pommeranten fan betsjutting west hawwe foar it feit dat yn de 'Wet op het Voortgezet Onderwijs' (W.V.O) fan 1968 by amendemint yn de brêgeklasse ûnder de lessen Nederlânsk romte skepen waard foar it Frysk. It soe my ek gjin nij dwaan dat dy beide der ein jierren '60 foar soarge hawwe dat steats-siktaris Grosheide fan Underwiis op it fersyk fan de Bewegingsried om de mooglikheid te skeppen dat it Frysk as

eksamenfak keazen wurde koe troch de learlingen fan it mafû, it hafû en it twû, sein hat: 'Waarom eigenlijk ook niet?' (yngien yn 1970).

Dat Rindert nei 1966 as taalbeoarderer



*drs. S.T. Hiemstra*

syn ideeën ek geregeld kwyt koe yn de Provinsiale Underwiisried, hat der grif net minder om west. Mr.dr. K. de Vries

*ferfolch op side 6*

tsjûget dêr op in oar plak yn dizze Pompeblêden fan. Tony Feitsma mocht ik yn de Bewegingsried al rillegau opfolgje as skriuwer, wylst Rindert noch krapoan in jier foarsitter bleau.

Op 25 septimber 1971 hold er der nei seis jier foarsitterskip mei op. Syn grutte betsjutting foar de provinsjale en lanlike Fryske taalpolityk fan de jierren '60 kinne wy sadwaande it bêste te witten komme fan de hjoeddeiske prof. Feitsma. Se docht dat op in oar plak yn dit nûmer. Dochs haw ik yn dy tiid wol safolle heard en sjoen dat ik folslein de grutte wurdearing ûnderskriuwe kin, dy't de nije foarsitter, drs. S. Sybrandy, útsprekt foar de aktiviteiten fan Rindert Straatsma yn it ramt fan de Bewegingsried. Rindert wurdt net foar neat fuortdaliks ta adviseur makke.

Rindert wie en is in spearpunt yn de Beweging. Dat is net maklik, mar emansipaasjebewegings kinne net sûnder spearpunten. Geart Vledder set dat sintraal yn dit nûmer.

## De AFUK

Doe't iksels op 19 novimber 1976, ek nei sa'n seis jier, it skriuwerskip fan de Bewegingsried reglemintêr dellizze moast, mocht ik ien fan de trije sitten dy't de Bewegingsried yn de AFUK hie ynnimme. Earst yn it Algemien Bestjoer fan de AFUK en it AFUK-learmiddelfûns (27 oktober 1976), in heal jier letter as lid fan it Deistich Bestjoer yn de nije funksje fan ûnderfoarsitter (4 maart 1977). Ik krige benammen de taak om de beide stiftings nei bûtenút te fertsjintwurdigjen as wurdfierder.

It wie net de maklikste tiid as ik weromtink oan de staveringsstriid dy't yn dy dagen ek de AFUK ferdield. Of oan de nije karbriefferoaring, dêr't lieding oan jûn wurde moast en dy't der ta laat hat dat it plak fan de organisearre Fryske beweging yn de AFUK (op 12 jannewaris 1979) en it AFUK-learmiddelfûns (op 30 maaie 1979) lytser waard. Dêrmei kaam de doar iepen te stean foar oare organisaasjes en ferbannen dy't mei Frysk ûnderwiis te krijen hiene, lykas it MSU en it Pedagogysk Wurkferbân. Mei troch de strideraasje dy't dêroan foarôf gong, hawwe Jan de Jong en Dick Eisma it net lang as foarsitter fan de AFUK folhâlde

kinnen. Doe't Eisma binnen in jier de foarsittershammer dellei (24 novimber 1977), mocht ik dy oernimme en besykje de goede gong fan saken te bewekjen. Dat foel net altiten ta. It is sels foarkommen dat ik in lid fan it Algemien Bestjoer it wurd ûntnimme moast om de saak yn de stokken te hâlden. Sûnder Rindert syn oanhâldende stipe wie dat grif in te drege opjefte wurden en hie 'k dat nei alle gedachten net folhâlde kinnen oant myn reglemintêr ôfgean op 6 novimber 1985.

## De Pompeblêden

Net allinnich it foargeande late ta spanning! By De Pompeblêden (doe noch mei twa d's) stiene nei 47 jier ek grutte feroarings foar de doar. Der waard in oare printer socht, de AFUK soe útjouwer wurde en de opset breder. Utjouwer



*In markante figuer . . .*

Brandenburgh fan Snits wie mei dat earste net sa wiis en snijde út hiel lear yn in bylage by it lêste nûmer dêr't er ferantwurdlik foar wie.

Lykwols, op 29 jannewaris 1977 ferskynde De Pompeblêden (mei ien d) ûnder einredaksje fan Hindrik de Boer en mei provinsjaal subsydzje it tydskrift yn in nije útris en mei de AFUK as útjouwer. Yndied, it soe in moaie útjefte wurde. Fan Rindert syn hân kaam it earste stikje yn it fernijde blêd dat tenei as 'frysk tydskrift foar ûnderwiis en foarmingswurk' de âlde De Pompeblêden as 'taal' tydskrift opfolge en útgong fan de AFUK, de Fryske Akademy, de Fryske Kultuerried, it MSU en de Provinsiale Underwiisried. Frijwol alle moannen en soms faker kaam it blêd út, oant De Boer

yn 1988 earder ophâlde mocht en de provinsje it blêd fuortbesunige. Op 31 desimber 1988 kaam der mei nû. 14 in ein oan in unyk regionaal blêd foar ûnderwiis en foarmingswurk.

Mar Rindert soe Rindert net wêze as er gjin wegen socht om it blêd ek sûnder provinsjale stipe yn in oare foarm bestean te litten. Dat it blêd, no as 'tydskrift foar Fryske stúdzje en orgaan fan de AFUK', noch altiten foar jimme leit, is net yn it lêste plak syn fertsjinste.

## Organisaasjes en kommisjes

It tal organisaasjes en kommisjes dêr't wy beide in sit yn hiene, wie grut. Fan de AFUK neam ik in stikmannich.

Alderearst de kommisje taalsoarch, want Rindert is in earsten taalhoeder. Troch tadwaan fan dy kommisje waard it omtinken foar it propagearjen fan it brûken fan 'goed' en 'geef' Frysk stimulearre. Ien fan de produkten wie de rubryk 'Taalspiegel'. Dy kaam sûnt 1 maart 1980 alle dagen yn de Ljouwerter Krante te stean en dat soe tsien jier lang sa bliuwe. Op 12 maart 1990 waarden de beide bewende mantsjes foar de spiegel spitiger-nôch ferfongen troch hieltiten nije figuerkes. Ek de nije, folle minder byldzjende en abstraktere kop 'Opskerper' kin myn byld fan de 'Taalspiegel' mar min ferkringe. Mar hawar, it doel bliuwt itselde . . . Tabe Beintema en oaren út de kommisje soargen foar in hantlieding by it opstellen fan advertinsjes, de s.n. 'Advertinsjewizer', in kreas boekje dat yn 1988 by de AFUK yn it ljocht jûn waard (der woe wolris wat mear reklame foar makke wurde kinne, as ik sa frij wêze mei). It wurk fan de kommisje hie ek syn útstrieling nei Omrop Fryslân, yn de foarm fan taalrubriken en mear omtinken foar de taalkwaliteit fan de omroppers.

Rindert hat in lange rige fan jierren foarsitter west fan de begeliedingsgroep fan lesjouters. Hy socht dy lesjouters ek almeast sels út. De begeliedingsgroep fan seis à sân kritebegelieders kaam net mear automatysk út it fermidden fan de AFUK-bestjoerders lykas earder yn de jierren '70 it gefal wie. De groep soarge foar de ûnderwiiskundige kontakten (mear as begelieder en minder as ynspekteur) mei de lesjouters as de kursussen

los wiene. Rindert syn frou Klaske en ik hawwe der sûnt dy fernijde opset (plm. 1978 nei alle gedachten) in sit yn hân. Ik krige earst in krite yn Fryslân en letter de kursussen bûten Fryslân as begelieder op 'e noed. Moai wurk, dy kontakten mei AFUK-lesjouwers, faak âld-kursisten fan myn didaktykkursus! Ienris haw ik sels in eksamen fan ien net-Frysktalige kursist mei in slimme lichaamlike hendi-kep yn Utert ôfnimme mocht. Dat hat oanlieding jûn ta in diskusje yn it be-  
stjoer oer it ôfwiken fan de wenstige ek-  
samendoer en omstannichheden en foar  
mear begryp foar kursisten mei beskate  
beheinings. Dat freget om oanpassings.  
Rindert hat him yn al dy jierren tige be-  
lutsen field by it wurk fan de begelie-  
dingsgroep.

## Learplannen

In wichtich ynnovaasjeprojekt wie it, yn gearwurking mei de Iepen Skoalle, ta stân bringen fan fjouwer rigen multi-  
mediale ûnderwiislearienheden (ûli's).  
Rindert hat der in protte wurk foar  
dwaan moatten om it safier te krijen dat  
der trije rigen oan 'e merk komme koene  
(foar de net-Frysktaligen en Leargong  
A). It skriuwen fan in ûli-rige foar Lear-  
gong B is troch in tekoart oan goede  
gearstalders net goed fan de grûn komen.  
Boppedat ûntstie yn it D.B. fan de  
AFUK it idee, dat, ear't men in goede  
metoade skriuwe kin, der winliken earst  
learplannen ûntwikkele wurde moatte.  
Dêr moatte doelen, ynhâlden en evalu-  
aasjefoarmen sa goed mooglik yn om-  
skreaun wurde. Dat moat der foar soarg-  
je dat de iene kursus sûnder ûnnedige  
oerlapings oanslút op de oare en dat der  
in goede trochgeande line en opbou  
ûntstiet tusken de leargongen. Rindert  
hat dat idee oppakt en der mei foar soarg-  
ge dat der yn 1988 in learplankommisje  
ynsteld wurde koe, dy't yn 1990 'dien'  
wurk makke hat. Fansels is dat lêste hiel  
betreklik, want learplanûntjouwing is no  
ienris in saak fan permaninte diskusje.  
Dy diskusje moat de grûnslach lizze foar  
it hieltyd mar wer ferbetterjen fan de  
learmiddels foar net-Frysktaligen ('Bek-  
jegau', 1990; 'Wolkom', 1992) en Frysk-  
taligen ('A-boek', 'B-boek', 'C-boek' en  
'Akteboek'). Dêr is de lêste jierren flink  
oan wurke. Benammen yn it ramt fan de

wurkgroepen foar net-Frysktaligen, B/C  
en Akte haw ik dêr yn 'e mande mei Rin-  
dert en in pear oare meiwurkers hiel wat  
energzy yn stutsen.

## Berneboeken

Wat de produksje fan de learmiddels  
oanbelanget, wol ik it net iens sasear  
hawwe oer de lange rige kleurige, oerset-  
te berneboeken, dêr't Rindert yn de rin  
fan de tiid oan de widze fan stien hat. Al-  
le jierren reizge er trou nei de Frankfur-  
ter Buchmesse. Mar ek wol nei oare stê-  
den as der wat foar Fryslân te beskrep-  
pen wie. As AFUK-foarsitter haw ik ien-  
ris twa dagen mei Rindert nei de Didacta  
yn Brussel west, in grutte tentoanstelling  
fan learmiddels. Doe haw ik merkbiten  
dat er it wurd 'wurgens' eins net koe.  
Lekkich wie myn kondysje sadanich dat  
ik him goed byhâlde koe. Fan moarns ier  
oant slutingstiid wie er foar de AFUK en  
de learmiddelkommisjes yn it spier om  
kontakten te lizzen mei útjouwers út alle  
mooglike lannen om mei harren ta ko-  
produksje te kommen. Hy hat my lyk-  
wols wolris trochdien, dat er dat ek wol  
oars meimakke hie, doe't in pear frouli-  
ke leden fan dy kommisjes mei moasten  
en it tempo der aardich útrekke, om't se  
sa út en troch earne sitte woene en op 'e  
tiid wer ophâlde. Ta skea fan de boeke-  
rispinge, fansels. Trochsette en folhâlde,  
dat binne in pear begripen dy't goed by  
Rindert passe.

## Learmiddels

Myn belangstelling gong altiten wat  
mear út nei de s.n. suvere learmiddels,  
omdat dy mear rjochte binne op de di-  
rekte oerdracht fan de Fryske taal en  
kultuer yn kursusferbân. Yn myn be-  
stjoerderstiid by de AFUK haw ik dêr  
om dy reden hiel wat fakânsjetiid en  
jûnsoeren yn setten. Sa fûn ik Jan  
Stienstra fan Goutum ree om syn 'Taal-  
boek foar begjanners' oan te foljen mei  
leskes oer suver Frysk en haw ik as ein-  
redakteur ek nochal wat oare ferbetterings  
oanbrocht. Yn 1982 ferskynde de njog-  
gende printinge(!) fan dat kreas troch Ed  
Knotter yllustrearre boek.

In pear jier dêrfoar haw ik Rindert it idee  
foarlein om ta in nij taaleigen-learboekje

te kommen. Folle brûkbers wie der yn dy  
dagen net, benammen net yn de Stea-  
testavering. Jan Stienstra, Geale de Vries  
en J.W. de Vries, alle trije betûfte  
AFUK-lesjouwers, hawwe fan ús frij  
mandaat krige om ta wat goeds te kom-  
men. As einredakteur koe ik der neitiid  
in gehiel fan meitsje en der foar soargje  
dat der wer in grut tal koartswilige yl-  
lustraasjes tekene wurde koe troch Ed  
Knotter. Dat deeglike boekje lei yn 1982  
yn de winkel en is no, tsien jier letter,  
foar de Leargongen A en B noch altiten  
in ûnmisber learmiddel. Mar ek by oare  
Fryske kursussen en yn it fuortset ûnder-  
wiis waard en wurdt it gauris brûkt.

In oare AFUK-útjefte dêr't ik de einre-  
daksje fan fersoargje mocht, wie it yn-  
terferinsjeboekje 'Foar de taalspegel',  
dat yn 1984 útkaam. Hoewol't der mei-  
koarten in twadde printinge fan útkomt,  
wurdt it boekje oant no ta spitigernôch  
mar foar in lyts part brûkt op de kursus-  
sen. In reden kin wêze dat de opdrachten  
nochal taskreaun binne op de learlingen  
út it fuortset ûnderwiis. It soe in goed  
ding wêze en yntegrearje de brûkberste  
parten fan it boekje yn it B-part fan 'De  
Stipe' as dat oan de tredde printinge ta  
is. Dan soe it in foarskreaun part fan de  
leargongen A, B en mooglik C wurde  
kinne.

Gâns tiid is der ek sitten gongen yn de ta-  
rieding fan it tiidwurdeboekje 'Tiidwur-  
den', dat yn 1989 de opfolger waard fan  
Stienstra syn 'Dat lestige tiidwurd'. It  
boekje is folsleiner wat it tal ûnregelmjit-  
tige en sterke tiidwurden oanbelanget en  
jout gâns mear eftergrûnynformaasje as  
syn foargonger, benammen oer it oant  
dy tiid ta ferwaarleazge aspekt fan de  
syntaksis. Boppedat leveret it in bydrage  
oan in stikje standerdisaasje, in ding fan  
belang by de ûntwikkeling fan it Frysk as  
kultuertaal.

Wêr't de AFUK ek wiis mei wêze kin, en  
net allinnich wat de yllustraasjes fan  
Wim Swart oanbelanget, is it boekje  
'Stavering' fan drs. Fedde B. Dijkstra,  
dat yn it jier fan útjefte (1991) al wer út-  
ferkocht rekke en yn 1992 in twadde  
printinge belibbe. By al dy projekten koe  
men rekkenje op de oanhâldende be-  
langstelling en stipe fan Rindert  
Straatsma.

## Frysk yn it spesjaal ûnderwiis

Rindert Straatsma hat de AFUK yn de rin fan de jierren yn hiel wat kômmisjes en organisaasjes fertsjintwurdige. Wa't it krekt witte wol, soe de jierferslaggen fan de AFUK ris neiplúzje moatte. Yn it lêste jierferslach tel ik allinnich al yn AFUK-ferbân in stik as sân. Mar ek dêr-bûten hat Rindert Straatsma in warbere rol spile yn gâns in rige, faaks no al wer heal fergetten fermiddens.

Mr.dr. K. de Vries hat al wiisd op Straatsma syn aktiviteiten yn it ramt fan de yn 1973 ynstelde projektgroep Sinne-ma, dy't de ynfiering fan it Frysk as ferplichte fak yn it leger ûnderwiis tariede moast.

Ik wol der hjir melding fan meitsje dat Rindert him ek fertsjinstlik makke hat as lid fan de op 23 april 1979 troch steatssekretaris A.J. Hermes ynstelde en ynstallearre Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs. Dy kommisje, dêr't ik de fjirde ôfdieling fan de Provinsiale Underwiisried yn fertsjintwurdige mocht, kaam yn syn einrapport (fan july 1981) mei de oanbefelling oan de steatssekretaris fan Underwiis en Wittenskippen om yn it learplan fan de skoallen foar bûten-gewoon ûnderwiis yn de provinsje Fryslân oan te jaan 'dat het Fries mede als voertaal wordt gebruikt en geeft voorts aan dat en op welke wijze de leerlingen in aanraking worden gebracht met de Friese taal en cultuur . . .'

In formulearring dêr't wy beide mar foar in part mei ynstimme koene (de ferplichting as fier- of ynstruksjetaal), omdat dy der ek ta liede soe dat de learkrêften fan it spesjaal ûnderwiis har ûntwine koene oan de ferplichting it foech Frysk (w) te heljen, as se de ferplichting mar licht genôch en yn oerienstimming mei it eigen tekoart oan taalfeardigens yn it learplan omskreauwen. Wy fûnen en fine beide dat it bern en de kultuer (dus ek de Frysktalige kultuer) sintraal hearre te stean yn it spesjaal ûnderwiis en dat de learkrêften fan dat ûnderwiistype net yn de ferlieding brocht wurde mochten om harsels sintraal te stellen. En dy ferlieding is wol hiel grut as ik sjoch nei de taalhâlding en it taalgedrach dy't ik dêr noch jimmeroan oantref. Spitigernôch ek yn it spesjaal ûnderwiis fan 1992, alve jier nei it útkommen fan it rapport foar it bûten-gewoon ûnderwiis en tolve jier

nei de ferplichting yn it leger ûnderwiis! De definitive wetlike formulearring fan de ferplichting, dy't op 1 augustus 1989 yngongen is en dy't te finen is yn art. 19 fan de Ynterimwet op it Spesjaal en Fuortset Underwiis, kin de flecht yn in formulearring dy't de fakmjittige aspekten (ferstean, lêzen, praten en skriuwen) mijt, net tefoaren komme. Hoewol't yn it skoalwurkplan mei 'redenen omkleed' oanjûn wurde moat dat der omtinken jûn wurdt oan de Fryske taal en kultuer, betsjut soks net automatysk dat de learkrêften dêr ek it foech Frysk foar hawwe moatte. In misslach dy't grutte gefolgen hat, omdat der gjin wichtiger betingst foar it fan de grûn helpen fan kwantitatyf en kwalitatyf goed Frysktalich ûnderwiis yn it spesjaal ûnderwiis is as it ferhelpen fan it tekoart oan taalfeardigens by de learkrêften. Lit ús hoopje dat dêr oer in jier of wat mei it ôfrinnen fan de Ynterimwet en troch de tanimmende gearwurking en yntegraasje mei it basisûnderwiis (soarchferbreiding) wetlik in ein oan makke wurdt. It is dochs hiel eigenaardich dat de learkrêften yn it basisûnderwiis wol in foech hawwe moatte en dy fan it spesjaal ûnderwiis net as se it belang dêrfan net ynsjogge.



*In Fries út it hiele hout . . .*

### Ta beslút

Net allinnich yn it saaklike, mar ek op it persoanlike mêd hat de ferhâlding mei Rindert Straatsma oer in lange perioade goed west. En dat is oant hjoed de dei sa bleaun. Dat hold en hâldt net yn dat wy it oer alle dingen like iens wiene. Mar dat hawwe wy inoar altiten sizze kind. Soks leit him grif mei oan it feit dat inselde ûnderlaach fan Frysksinningens net allin-

nich oer en wer in stik fertrouwen jout, mar op 'en doer ek in beskate bân. Sa tink ik noch mei nocht werom oan de lytse wike dy't Wys de Jong en wy yn oktober 1986 trochbrocht hawwe yn Ierlân. As fertsjintwurdigers fan Fryslân hawwe wy besocht in bydrage te leverjen oan in konferinsje oer it ûntwikkeljen fan folwoeksene-ûnderwiis en -trening yn gebieten mei minderheidstalen en minder sprutsen talen. Yn Baile an Fhirtéirigh, oan de meast westlike igge fan Ierlân, hawwe wy op kosten fan de Europeeske Mienskip mei Ieren, Skotten, Katalanen, Basken, Galisiërs en Bretonnen mei ynmoe wurke oan in mienskiplik rapport en in tal oanbefellings foar de Europeeske Kommisje yn Brussel oer dat folwoeksene-ûnderwiis. Dat hat ien fan de situaasjes west dat men inoar better kennen leart. Dat jildt net allinnich foar ús freonen út oare mindertalgebieten, mar ek foar Friezen ûnderinoar.

Yn it koarte bestek fan dit stikje haw ik gjin rjocht dwaan kinnen oan in hiele protte oare dingen dy't yn it ramt fan Straatsma syn aktiviteiten foar de AFUK likegoed op it aljemint komme kind hiene. Ik haw dat ek net besocht. In pear bylden dy't har it meast opkrongen, haw ik nei foaren helle.

Yn alle gefal is it wis dat mei AFUK-direkteur drs. Rindert Straatsma in markante persoanlikheid, in Fries út it hiele hout, ôfskied nimt fan it wichtichste ynstitút foar taaledukaasje dat Fryslân hat en dêr't er jierrenlang mei grutte ynset foar yn 'e skrep west hat. Dêr mei wol efkes by stilstien wurde. ■

## Attinsje

Minsken fan de ûnderbou fan de basis-skoalle wurde útnoege foar:

De feestlike presintaasje fan in nij ferskeboek en in kofferke mei ferhaaltsjes/flanelplaten foar de jongste bern (fan trije oant fjouwer/fiif jier).

Op woansdeitemiddei **3 febrewaris 1993 fan 14.30 oant 16.30 oere yn De Koperen Tuin (yn 'e Prinsetún te Ljouwert).**

It is in oantreklik programma mei ûnder mear in optreden fan de poppespylster R. Plantinga út Drachten. ■